

DOARPSF(E)ITEN

Easternijtsjerk

troch: Eize de Boer

'Pleechâlden' ûntfermje har oer Belgyske Bella

Easternijtsjerk hat in miljeufreonlik doarpshynder

Easternijtsjerk op 'e klaai yn Dongeradiel. Frysker kin it hast net, soe men tinke. Mar ek dit doarp hat mei ymport te krijen. Frijwat nasjonaliteiten binne dêr no fertsjintwurdige. Nim allinnich dy Limburchske keunstner en syn Amerikaanske frou. Miskien wurde it noch wolris echte Friezen. Mei de oerbuorlju ûntfermje se har sûnt koart oer it doarpshynder fan Easternijtsjerk. Nee, gjin Frysk hynder, mar de Belgyske merje Bella. It hiele doarp hat niget oan it bist.



Pieter en Abby Heynen by it ferneamde doarpshynder Bella.